


5-6-81

# 'T SKIEPPE- STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

REDAKSJE: Wyke Blanksma-v.d. Witte, tel. 9487  
 Sytske Dykstra- Bouwhuis, ,, 2968  
 Rients van Buren, ,, 9280  
 Marten Kikstra, ,, 9269  
 Jan Dykstra, ,, 9498

TYPE- EN STENCILWURK: Ineke Dykstra-v.d. Meer

OMSLACH: Albert van Lingen Jr.

REDAKSJEADRES: Sylroede 5

BANKRELAASJE: Rabobank Bolsward; giro nr. 856.829 t.n.v.  
 Rabobank Bolsward, rek.nr. 3087.56.800 t.g.v.  
 It Skieppesturtsje, Tjerkwerd.

.....

FOARWURD:

1981

1981 Is hast wer foarby; in bytsje-tiid is neat, in jier mei wille en fertriet, mar dat jildt foar elk jier; de klok hat let om kundskip te dwaan fan breid en brêgeman, mar ek fan de lêste gong nei 't hôf fan sibben en goekunde.

Us doarpskrante hat syn fyfte jiergong moai fierhinne fol, no wer yn it bewende jaske! It foarige nûmer stie wat út-groeid, der wiene al guon lju, dy 't tochten, dat it krantsje grutter wurden wie, oaren tochten dat "It Skieppesturtsje" ek al ynleverje moast. Gelokkich hawwe ús abonnees om utens hjir neat fan murken.

De ôfrûne moannen hawwe inkelde ferienings wer har jiergear-komsten hâlden. De Oranjeferiening gyng der foar nei Beetstersweach, wêr 't de leden yn striemin waar yn de bosken omtoarken. It wie lykwols foar nimmen in toer om kafé Boslust te finen. De gearkomste slagge wakker en datselde jildt ek foar de feriening fan Doarpsbelangen foar Tsjerkwert e.o., dy 't yn it Waltahûs gearkaam.



Doarpsomropper Freark Schakel hie wer gâns prizen foar de tûnwedstriid rê stean. Spitich foar de organisator, dat de priiswinners lang net allegear oanwêzich wiene; strafpunt freonen!

Op it nijjiersbal sil de Skieppesturt 1981 útrikt wurde. Dat sil wêze om likernôch 10 oere. Binne jo net sa'n dûnser en wolle jo inkeld de útrikking fan sturt en oarkonde bywenje, dan binne jo ek wolkom.

Takomm' jier sille wy, as redaksje, wer ús bêst dwaan om jo fan nijs te fersjen.

It liket ús sa ta, dat der wol mear doarpsgenoaten binne, dy't wat skriuwe wolle. Binne jo it altyd mei de redaksje iens? Nee? Lit it ús witte. Wy steane foar jo klear om it oer te setten as jo dat wolle.

De redaksje krige fan Rinske B. in wurdearjend bryfke en soks stiet ús fansels tige oan. Wy sille lykwols besykje net grutsk te wurden.

Wol freonen, de redaksje winsket elkenien goede Krystdagen en in lokkich nijjier en rekkenet der fierders op, dat jo de kopy foar 15 febrewaris te plak hawwe by de bekende adressen.

J.D.

— x x x —

Berichten van de Dorpsomroeper .....

- Nu wij bijna alweer afscheid gaan nemen van 1981 en velen onder u dan ook al weer de kalender van 1982 in huis hebben, zal ik trachten nog het één en ander bij u in herinnering te brengen:

Vooreerst de Crisistijden der lege portomonees keren nu kennelijk terug. De mensen van onze regering kunnen wel alles wat bij- en ombuigen, maar helaas ..... met Prediker te verzuchten, het ontbrekende kan nu eenmaal niet geteld worden en het kromme kan niet recht zijn. Het is nu eenmaal zo en als men dan naar landen als Polen kijkt en de mensen in de steden, dagen in de rij staan voor voedsel, dan daarbij vergeleken leven wij hier nog zeer goed.

- Enige tijd geleden sprak een vriend mij aan voor de toenemende Werkeloosheid en bestrijding en die wilde het maar eens op de Nostalgische tour proberen, zoals lantaarnaanstekers in onze steden en dorpen en handzeters bij dag en weekbladen. Stratenmakers voor auto-snelwegen tot tonnen-ophalers bij de Gemeentereiniging. Maar ik denk, dat dit ook een onbetaalbare zaak zou worden, het woord vooruitgang hier voorlopig niet bij te gebruiken. Laat dit werk maar staan in het Kabinet der Vergankelijke waarden.
  
- Vele lieden van hier dachten destijds, toen de bel weer in gebruik werd genomen om menig nieuws bekend te maken in ons dorp, dit wordt het Waterloo voor die man, maar dit is tot op heden nog niet geschied. Volgend jaar al wordt n.l. het eerste lustrum van de jaarlijkse Tuinwedstrijd gehouden; zal trachten met de bewoners van de Waltaweg een aantal bloembakken te plaatsen en dat de mensen van de bedoelde Waltaweg en de mensen, die ons dorp aandoen in de Zomermaanden, zullen zeggen: dit is waarlijk een wonder. Een wonderschone en gezellige Prijsuitreiking hadden wij j.l. met de Verg. van de Ver. D.B. Menig Prijswinnaar was er niet, alhoewel ook een aantal afbericht deed en weer een ander liet het afweten door andere afspraken na te komen. Misschien volgend jaar de datum eerder bekend te maken. Maar die er waren, nogmaals Hartelijk Dank, zowel voor uw komst als voor uw geldelijke bijdragen, die u spontaan offerde en ook de mensen die later nog eens een bijdrage brachten. Al met al geslaagd, dacht ik.
  
- En dan begin Aug. j.l. de opening van de Wandelroute met zijn nieuwe Zitbanken daar, tientallen meedingen en zelfs het oudste Echtbaar steeg van hun stoel, zette Pet en Hoed op en gingen mee, toen de stoet hun woning voorbijtrok. Hartverwarmend, zulke momenten, dan weet je dat er nog mensen voldoening in het een en ander zien. Oor en oog werd door Vogelgezag en Zeldzame plantensoorten geboeid op die tocht.
  
- Maar de besturen van onze Pl. Ver. moeten wij ook niet vergeten, die doen ook genoeg voor onze samenleving, evenals al die andere mensen, die ik niet met name zal noemen, die zich ook genoeg inspanningen getroosten voor

het welzijn van hier; al deze mensen zullen er wel mede voor zorgen, dat Tjerkwerd nooit een "dorp der zuchten" wordt.

En het is hier goed toeven, dacht ik jaren geleden; hadden wij hier eene Ds. v. Rijs, die bracht hier bijna een halve eeuw door. Verdraagzaamheid en liefde jegens elkaar doet er veel aan toe.

Door de eeuwen heen is het altijd ook nog zoo geweest dat de mensen van het platteland doorgaans het meeste verstand hebben.

- Nog te vermelden: toen het Bruidspaar van j.l. 11 december de kerk betrad met hun families, vrienden en kennissen, luidde de klok. Heeft u het gehoord!
- Tenslotte wil ik deze laatste berichten van 1981 afsluiten met een H. Dank aan de Redaktie voor de plaatsing hiervan en in de hoop, dat bij de lezers de bijdrage ook goed overkwam.

Net als twee jaar geleden wil ik met het Gezang 441 uit het nieuwe liedboek, vers 10, deze bijdrage afsluiten.

Goede Kerstdagen en een Prettige  
Jaarwisseling toegewenst met h. gr.  
van de Dorpsomroeper.

+++++++

#### Vrouwenvereniging Tjerkwerd

Doordat U, inwoners van Tjerkwerd/Dedgum, spontaan gehoor hebt gegeven aan onze oproep om een kleine bijdrage in welke vorm dan ook en Uw komst op de verkoopmiddag-avond, is onze verkoopdag een succes geworden.

Het netto-bedrag is: f 4.384,25.

Namens bestuur en leden heel hartelijk dank.

V.V. Martha-Maria,  
Tjerkwerd.



## "IT WALTAKUS"

No't Geart Fabriek fan bestjoerslid, behearder wurden is, wie it de taak fan it bestjoer om in nije man/frou te beneamen. Dat is bard en dy nije man is Sietse Greidanus wurden.

It bestjoer sjocht der no sa út:

Pier Zijsling - foarsitter  
Meinze Poelstra - skriuwer  
Rients van Buren - skathâlder

Bertus Walsma  
Jehannes Huitema  
Sietse Greidanus  
Jan Dykstra

} bestjoersleden

.....

### Nijjiersbal:

It Stichtingsbestjoer organisearret ek dit jier wer it grutte Nijjiersbal op 1 jannewaris. Dit is in moaie gelegenheid foar alle doarpsgenoaten om elkoar it nijjier ôf te winnen.

Op dizze jûn wurdt ek de Skieppesturt 1981 beneamd. Kom allegearre en net te let! Dit is al jierren in knaljûn.

It bestjoer.

/%/%/%/

### SPORTVERENIGING Tjerkwerd:

Vrijdag 23 okt. j.l. werd er in 't Waltahûs een tafeltennis-tournooi georganiseerd. Bij de jeugd tot 12 jaar waren er 9 deelnemers en van 12 tot 16 jaar maar 5. Bij de ouderen vanaf 16 jaar, hadden zich 15 deelnemers opgegeven. Er werd een kleine competitie gespeeld en de uitslagen waren als volgt:

jongste groep: 1. Anno Galama; 2. Jeroen Hendriks.

tweede groep: 1. Jelle Feenstra; 2. Menno Poelstra.

ouderen: 1. Meinze Bakker; 2. Jaap v.d. Wal.

Omdat het een succesvolle dag was, hebben wij gemeend om op 30 dec. a.s. een tweede tournoi te organiseren. Zie de publikatie bij het Waltahûs.

Zaterdag 23 jan. a.s. hebben wij weer de Sporthal te Makkum afgehuurd van 12.30 uur - 16.30 uur, met o.a. de sporten:

zaalvoetbal, volleybal, kaatsen en badminton.

Al naar gelang de deelname.

Aanmelden tot 21 jan. a.s. bij het Waltahûs.

De uitslag van de kaatskompetitie; seizoen 1981, is als volgt:

1. Sjoerd Nauta; 2. Klaas Nauta; 3. H. van 't Zet;
4. Bertus Walsma; 5. Sjoerd Bakker.

De prijzen zullen op de jaarvergadering worden uitgereikt.

De belangstelling voor de gym op woensdagavond is matig. De lessen, welke wegens afwezigheid van S. Terpstra, onder leiding staan van Trudie Witteveen, zijn voor de jeugd tot 12 jaar van 18.30-19.30 uur; van 12 tot 18 jaar van 19.30 - 20.30 uur en voor de dames van 20.30 - 21.30 uur.

Met vr. gr.,  
J. Falkena.

(( ))(( ))(( ))

Nije ynwenners:                      Hallo,

Op 30 oktober zijn wij hier komen wonen en we hebben een leuke buurt.  
Ons adres is Sylroede 19. U ziet ons vast wel eens.

Broer en Rieky Dykstra-Jorna.

Hjirmei wol ik graach  
elkenien tank sizze foar  
de besykjes, blommen,  
præsintsjes en kaarten,  
wêrmei ik by myn siik-  
wêzen yn it sikehûs en  
thús betocht bin.

Goede Krystdagen en in  
Lokkich Nijjier tawinske.

Wyke Blanksma.

Een ieder hartelijk be-  
dankt voor de bezoeken,  
telefoontjes, fruit en  
bloemen tijdens mijn  
ziekte. Het heeft mij  
erg veel goed gedaan.  
Het gaat nu weer gewel-  
dig goed met mij en ben  
15 dec. weer voor 100%  
aan 't werk gegaan.  
De hartelijke groeten,  
fijne kerstdagen en een  
goed 1982.

G. de Jong,  
Kade 10.

Hierbij willen wij iedereen bedanken, die ons  
25-jarig huwelijk tot een feestdag hebben ge-  
maakt.

In het bijzonder het muziekkorps Eensgezindheid.  
Het was geweldig.

Ide en Cily.



Hierbij willen wij u graag  
allen heel hartelijk bedanken voor  
alle kaarten, bloemen, gebak en andere ka-  
do's, die we de 22 ste november op onze 30-jarige  
trouwdag ontvingen. Tevens wensen wij een  
ieder een paar prettige Kerstdagen,  
een voorspoedig en gezond  
1982 toe!

Marten en Annie v.d. Wal,  
Sylroede 21, Tjerkwerd.

Berjochten fan de Oranjeferiening:

Op freed 13 nov. hiene wy ús jierlikse ledegearkomste mei  
in dropping yn Beetstersweach. Om 7 oere gong de bus út  
Tsjerkwert wei en yn Boalsert waard noch efkes stoppe om  
4 leden op te pikken.

It waar wie tige min, de rein kaam mei bakken nei ûnderen.  
Freed de trettjinde!!! Miskion wie dat ek wol de reden,  
dat der mar 2 minsken wiene út it hiele doarp-sels; mei  
útsûndering fan de Sylroede, dy't belangstelling toanden  
om mei te gean, mar goed, genoeg hierover.

Doe't wy yn Beetstersweach oankamen, wie it droech, mar  
net foar lang. De dropping koe begjinne, de learzen en de  
reinpakken oan en it bosk yn.

Der moasten ûnderweis banken en bjirken ensfh. teld wurde,  
mar der wiene genôch, dy't nea in bank of in bjirk sjoen  
ha. Nei in goed oere wiene de earsten wer oan, ferreind en  
wol en hja gongen fuort en daliks mar oan de kofje of in  
slokje om op te waarmjen. It wachtsjen wie no op de oaren.  
Doe't alle ploegen te plak wiene, koe de gearkomste be-  
gjinne en dat wie gau beslikke.

Nei de iepening krigen wy allegearre noch in panne snert  
of sop en dat smakke tige bêst.  
Om in oere of 12 koene wy wer oan de weromreis begjinne.

-----

### Yntocht Sinteklaas ....

Op freed 29 nov. kaam Sinteklaas mei syn gefolch  
yn Tsjerkwert oan. Dit jier wer op syn eigen skimmel.  
It muzyk stie al klear en nei in rûnrit troch it doarp  
gong it op "It Waltahûs" oan.

Dêr wie it fleurich fersierd mei prachtige tekeningen  
ensfh., dy't de bern makke hiene foar de wedstriid.  
It wie dan ek wer in hiele toer de moaisten der út  
te sykjen.

De útslach wie:

Beukers: 1. Durk Ouderkerken; 2. Alex Draaisma.

Klasse 1 en 2: 1. Matthijs v.d. Weg; 2. Jan Diederick  
Nijenhuis.

Klasse 3 en 4: 1. Binke Bakker; 2. Elizabeth Bakker.

Klasse 5 en 6: 1. Anneke Gietema; 2. Akke Algra.

By de peuters is der mar om lotte, want dy wiene alle-  
gearre like moai. 1. Peter Fabriek; 2. Hendrik Jan  
de Haan.

Ek moasten der wer hiel wat bern by Sinteklaas komme  
foar goede of kweade dingen, dy't hja dien hiene. En  
der waard wer hiel wat ôfsongen foar de goede Sint,  
fan Sinteklaas kapoentsje oant "Eens als de bazuinen  
klinken", wat Binke Bakker ûnfersteurber song, dat  
Sinteklaas tocht efkes, dat er yn tsjerke belâne wie.

Ek juffer Sytske fan it berneboartersplak moast by  
Sinteklaas komme om Sinteklaas kapoentsje goed te  
sjongen, want hja waard der troch Sinteklaas op oan-  
sjoen, dat hja it de bern net goed learde, omdat Gerrit  
Schukken it net hielendal, sa't it hearde, songen hie,  
mar it foel gelokkich mei, hja die it kreas en sels yn  
it Frysk.

Om in oere of 4 gong Sinteklaas mei syn gefolch, nei in tige slagge middei, wer fuort en de bern krigen allegearre noch in lyts presintsje en in mandarijntsje mei nei hûs.

Fierdersoan winsket it bestjoer fan de Oranjeferiening elkenien in noflike kryst, gesellich úteinde en in goed 1982 ta.

Joke Schukken.

/&/&/&/

Geachte Dorpsgenoten,

Zoals u misschien wel weet, is het Doe- en Gespreksgroepje inmiddels van start gegaan.

We hebben nu elf leden en belangstellenden zijn van harte welkom. We hebben enkele onderwerpen besproken, die we willen uit gaan voeren.

De contributie bedraagt f 1,25 per keer. Het wordt één keer in de twee weken gehouden van half 8 tot + 9 uur. Donateurs zijn ook van harte welkom.

Met vrijwillige bijdragen kunt u terecht bij: Rob Hendriks.

Groetjes van de leden  
van de Doe- en Gespreksgroep.

.....

Doarpsbelang Tsjerkwert e.o.:

Noch efkes in lyts neipetear oer de jiergearkomste fan 27 nov. '81.

Jan Dykstra koe wer in foech 40 minsken wolkom hjitte op dizze jûn. Nei't alle ferslagen foarlêzen wiene en de kas neisjoen wie, kaam der in gedielte, dat nochal wat tiid yn beslach naam, nl. bestjoersferkiezing.

Jan Dykstra waard mei in grutte mearderheid wer keazen.



Yn de fakature foar Arkum-Jonkershuzen e.o. waard Sjoerd Gaastra keazen.

Troch omstannichheden is Wyke Blanksma nei Wytmarsum gien, dus, ek foar har moast der in nijen komme. Nei in pear kear oer-stemmen kaam frou E. Flapper fan 'e Sylroede út 'e bus. Sjoerd - Jan - en frou Flapper namen harren ferkiezing alle trije oan. Lekwinske.

Nei it skoft wie dan F. Schakel oan bar mei de útrikking fan de túnwedstriid; dit is altyd in hiel barren, wêr't de man in protte drokte fan hat; de blommen en bekers moatte der dochs mar wer komme. En dan is it wol wat sneu, dat der in prôtte minsken net binne om harren priis oan te nimmen.

Mar, al mei al wie it in slagge jûn en de measten reizgen mei in blom nei hûs.

Ut namme fan Doarpsbelang winskje we jimme in gesellige kryst en in lokkich nijjier.

En minsken, wês foarsichtich mei it fjoerwurk!

Janny Poelstra.

+\$+\$+\$+\$+

### BOARGERLIKE STAN:

Op 23 novimber waard der in jonkje berne op Arkum by Sjoerd en Hieke Poelstra. Hy krige de namme: WILLEM. Tjitske, Wieberen en Anne binne grif wiis mei dit broerke.

Trudy Reidsma troude op 11 desimber mei Ritske de Jong fan Parregea. Se hawwe harren nei wenjen set oan 'e Trekweg 9 yn Parregea.

Twa doarpsgenoaten kamen yn 'e ôfrûne tiid te ferstjerren. JEHANNES DE HAAS, dy't de lêste jierren allinne yn 'e simmer hjir wenne, is nei in slimme sykte ferstoarn.

Op 23 november is GERARDUS KORNELIS VAN DEN BERG te hôf brocht yn Tsjerkwert. Hy wie net Tsjerkwerter fan komôf, mar hy fielde him wakker thús yn ús doarpsmienskip.

## Afscheid nemen.

Ik zit in het schemer en overdenk het laatste jaar. Het is nog maar even geleden, dat wij elkaar een gelukkig 1981 toewensten. We hadden het zo mooi bedacht. Wij zullen dit, en we wilden dat. We hadden alles zo mooi geregeld, maar eensklaps werd er voor ons geregeld.

Ieder van ons weet, dat we veel en vaak afscheid moeten nemen: ook .... voorgoed.

Dit jaar heb ik vaak afscheid moeten nemen. Ja, het doet pijn, maar alles om ons heen draait gewoon door en ook dat is goed.

Ook Johannes heeft bewust afscheid genomen. Graag had hij van velen dat persoonlijk willen doen, maar zijn ziekte liet dat niet toe. Vele zomers zijn wij in dat stukje natuur in Tjerkwerd gelukkig geweest, ook ik zal dat erg missen.

Ik wil een ieder bedanken, die in voor- en tegenspoed met ons mee geleefd hebben.

Hij was een goede vriend

je hebt iemand nodig  
stil en oprecht  
die als het erop aankomt  
voor je bidt of voor je vecht  
pas als je iemand hebt  
die met je lacht en met je grient  
dan pas kun je zeggen:  
'k heb een vriend

(uit: "liggen in 't gras" van  
Toon Hermans)

Annie de Haas-Hanzen.

//////////

Bijdragen binne kommen fan: J. en L. Hijlkema, Beabuorren;  
J. de Jong, Drachten; B. Koole, Stienwyk; O. Postma, Iems-  
wâlde; J. Galama, Arkum; D. en T. v.d. Meer, Rytseterp;  
S. Hiemstra, v. Panhuyswei; S. Roorda, Beabuorren;

frou P. Poelstra, Dedzjum; frou B. Kuipers, Singel;  
O. Schukken, Beetstersweach; R. de Jong, Tsjerkestrjitte;  
B. de Jong, Weidum; ? f 10,--; Sj. Gaastra, Jonkershuzen;  
E. Witteveen, Boalsert; M. v.d. Wal, Sylroede; Sj. Buwalda,  
Iemswâlde.

= = = = =

### Stientje 91 - 100.000 liter:

Sa kin we mar wer sjen op wat bêst stikje grûn wy libje. Ek Tsjerkwert hat in 100.000 kg Molke-ko. De ear is oan Stientje 91 fan 'e fam. Julius Galama op Arkum.

Op 2 dec. is it bist en de boer huldige. Ien oere op 'e pleats en fan 2 oant 4 yn 'e "Freonskip" yn Blauwhûs. Op it hiem, mei alderkostlikst moai waar, op 'e foto en yn 'e krâns op 'e resepsje, dy't oanbean waard troch de Coöp. fan Warkum. It wie in gesellige sprekkerij, û.o. Molkfabriek, Controlever., K.I.-ver. en F.R.S. en fan 'e neiste fam.

Troch it Stamboek kaam foar 'tljocht, dat de 16-jierrige Stientje (87 pnt.) in moaie stamboom hat, dy't se nei-gean koene oant 1916 ta. Sawol boltsjes as kokealtsjes binne foar har bewarre bleaun. 3 Dêrfan binne noch op Arkum en foarsafier bekend, rint der ek ien earne yn Lybië.

It sprekt foar himsels, dat it bist in tûk boerke troffen hat. Us lokwinsken.

O.S.F.

(")(")(")

### Bejaardensoos Tjerkwerd-Dedgum

Een klein verslag van de activiteiten van de soos Tjerkwerd-Dedgum. Woensdag 30 september was weer de eerste bijeenkomst na de zomer. De heer Hendriks uit Tjerkwerd, liet dia's zien van Curaçao, uit de tijd, toen hij daar met zijn gezin woonde. Zijn duidelijk verhaal bij de prachtige dia's gaf ons een goed beeld van het leven en de mooie natuur op Curaçao.

Dinsdag 20 oktober kwamen we bijelkaar in het Waltahûs voor een spelmiddag, een middag waarop iedereen in aktie komt.



De aanmoedigingen en kwinkslagen vliegen dan over en weer. In november werden we samen met de soos van Parrega uitgenodigd voor een gezellige middag in De Doele te Bolsward, als gast van de soos van Bolsward.

Het orkest van dienstencentrum Willem Sprenger te Leeuwarden trad voor ons op. Muziek maken of er naar luisteren, is heerlijk ontspannend, we hadden een fijne middag. We gaan altijd graag naar de soos in Bolsward, het programma is altijd weer een verrassing.

Dinsdag 15 december liep het voormalig Groene Kruisgebouw vol; we hadden deze keer vele gasten, o.a. ook oud-Tjerkwerders uit Bolsward. De reden was: Mulder uit Tjerkwerd liet ons dia's zien van oud-Tjerkwerd.

Mulder had ons al eens eerder een serie dia's laten zien en de mond tot mond-reklame deed nu ons zaaltje vollopen. Bijna elke dia riep vele reacties op bij de aanwezigen. 't Is toch wel fijn, dat je met je hobby's anderen ook nog plezier doet.

Dit was de laatste middag in 1981, maar ook voor 1982 hebben we al weer plannen.

Voor januari hebben we Hylke Speerstra uitgenodigd om te komen vertellen over zijn boeken. De datum staat nog niet helemaal vast, maar is in de tweede helft van januari. Speerstra zijn laatste boek speelt in onze eigen omgeving. We vinden het fijn, dat hij zich overdag vrij wil maken om ons er over te komen vertellen.

De soos van Parrega nodigen we deze middag uit en ieder, die belangstelling heeft om eens kennis te maken met onze middagen, ook.

Ook de gymnastiek brengen we nog even onder de aandacht: elke woensdagmiddag om kwart voor 2 in het Waltahûs. Alle spieren krijgen o.l.v. Lucie Schakel een beurt, waarna we nog volksdansen.

Met dit verslagje willen we zeggen, dat al word je wat ouder, je niet de hele winter achter de kachel hoeft te blijven zitten.

In eigen dorp wordt het georganiseerd, schaar u erbij, bij de gymnastiek en de soosmiddagen en de winter vliegt voorbij.

S.B.P.

1957

1982

25-Jarig bestaan Kerkkoor

"Tjerkward-Dedgum"

Ter gelegenheid van dit jubileum, hopen wij onze medewerking te verlenen in de kerkdienst D.V. op 14 febr. 's morgens om 9.30 uur in de N.H. kerk te Tjerkward.

Hieraan werken ook mee de koren van Schettens en Burgwerd-Lollum.

Wij hopen op een mooie dienst. Na de dienst is er gelegenheid een kopje koffie te drinken in het "Waltahûs", met het koor.

Het Bestuur.

IT WALTAHUS  
=====

Wilt u voor de kerstdagen of met oud- en nieuwjaar salades bestellen, dan kunt u daarvoor in It Waltahûs terecht.

Salades voor de kerstdagen graag bestellen vóór 22 december; voor oud- en nieuwjaar graag bestellen vóór 28 december.

Met vriendelijke groeten,  
de beheerders.

Tel.: 9551 of 9437.

£ £ £


Hierbij willen wij iedereen bedanken voor de vele kaarten, kado's, bloemen en planten, die we hebben gekregen ter ere van onze trouwdag.

Ritske en Trudy de Jong.

## Snypsnaren:

- Ynse Kroontje hat 25 jier bij Hollandia arbeide
- op 'e kaartklup stie Titi-K. altyd frijhwat ûnderoan, sûnt se bestjoerslid is stiet se boppe oan
- snie jowt oan fytsers in protte oerlêst, ek oan Alie P., se stie op 'e fyts, ynpleats fan noflik op it sadel te sitten.
- Haije "wals" Kooyenga is mei pensjoen. 32 jier hat hy de gemeente tsjinne. de boargemaster wie sels nei de resepsje kaam om it tradysjonele kûnke mei it gemeentewapen út te rikken.
- Jan en Ineke Dijkstra en Jos en Coby Falkena wiene 12 $\frac{1}{2}$  jier troude, Marten en Anny van der Wal wiene har fier de baas, sy wiene 30 jier troude !
- de banken fan de Wandelroute binne tydlik oppakt, op boppeneamde route kinne Jo no allinne op in sniebank sitte.
- foardat de hazzen alles opfrette soene, hat Flapper de griente fan 'e tûn helle. hij hie it der tige drok mei; inkelde minsken tochten dat F. in gruthannel yn griente begjinne soe.
- it korps hat hast 60 jier bestien ( op 30 jannewaris ) en Riens Gratema sil mei ús feestfiere.
- OSP hat as gast-journalist oan dit nûmer meiwurke. tige tank !!
- doe't Marten K. syn kat yn 'e gong skiten hie, moast Marten oan't himmeljen. de brot mar gau yn in amer en hup.... nei bûten. no rân. Freark Schakel der krekt, mar it gong noch krekt goed; it braadsje miste ús doarps-omropper op in hier !!!!
- de Waltawei wie okkerdeis "opsierd" mei strontweinen. nei in tillefoantsje mei in redaksjelicid wiene se samar fuort. Ule sil wol tocht hawwe: oars wurdt ik nooit skiepposturt fan it jier.
- Jo tinke wol om it Nijjiersbal op 1 jannewaris 1982 ??? Masyk : de Evergreens. Kom allegearre.
- kopy ynleverje foar 15 febrewaris 1982, mar dat witte Jo om dy tiid al net mear.
- Goede Krystdagen en in lokkich nijjier !





3

3